




# Omjouwingsprogramma Erf-Goed 2025-2028

3 desimber 2024





Teekoepel by de fêstingwurken fan it  
beskerme stedsgesicht Frjentsjer

## Ynhâldsopjefte

<b>1 Ynliding</b>	<b>7</b>
1.1   Wêrom in omjouwingsprogramma erfoed	7
1.2   Wêr rjochtet it omjouwingsprogramma him op	8
1.3   Opbou omjouwingsprogramma	9
1.4   Wichtichste wizigings ferlike mei Nij Poadium	9
1.5   Proseduere	10
<b>2 Eftergrûnen</b>	<b>13</b>
2.1   It Fryske erfoed	13
2.2   Wetlik ramt, bestjoersôfspraken, belieds- en finansjeel ramt	14
2.3   Evaluaasje, ûntwikkelingen en mienskiplike aspekten mei oare beliedsfjilden	16
<b>3 Wat wolle wy berikke</b>	<b>19</b>
<b>4 De fjouwer Programmalinen</b>	<b>21</b>
Programmaline 1   Erfoed algemien	22
Programmaline 2   Boud erfoed	28
Programmaline 3   Argeologysk erfoed	32
Programmaline 4   Kultuerlânskiplik en grien erfoed	36
<b>5 Finânsjes</b>	<b>40</b>
<b>Taheakke</b>	<b>42</b>
Kolofon	53



# Ynlieding

## 1.1 | Wêrom in omjouwingsprogramma erfgoed

### Wichtich foar de identiteit fan Fryslân

De iuwenlange Fryske skiednis hat in rike skat oan erfgoed efterlitten. Oft it no terpen, monuminten, doarpsgesichten of kultuerlânskippen binne: mei-inoar foarmje se in ûnskiedber ûnderdiel fan de identiteit en it ferhaal fan Fryslân. It is ek wakker beskiedend foar de kwaliteit fan ús libbensfermidden, wurkfermidden en fêstigingsklimaat en de kânsen foar toerisme en rekreaasje. Sa draacht erfgoed by oan de brede wolfeart yn ús provinsje.

Der binne nije aktuele opjeften foar ûnder oare lânbou en natuer, leefberens, klimaat en wenjen. It rike erfgoed biedt kânsen foar it keppeljen oan dy opjeften en ûntwikkelingen en kin ynspiraasje biede foar nije oplossings. Njonken it ferline giet erfgoed dêrtroch krekt ek oer de takomst. It erfgoed foarmet sa in dynamyske 'kolleksje' dy't oanhâldend yn beweging is. Behâlde, benutte en it in plak jaan yn nije ûntwikkelingen giet allinne net fansels. Dêr is ek ynset fan de provinsje foar nedich. Yn it koällysje-akkoart Oparbeidzje foar Fryslân 2024-2027 is erfgoed opnommen troch omtinken te jaan oan ûnder oare it behâld fan in moai Fryslân, it eigen Fryske karakter en in goede ynpassing fan nije ûntwikkelingen.

### Provinsjale rol

De provinsje Fryslân set him tige yn foar it behâld en ferbetterjen fan it Fryske erfgoed. It Fryske erfgoed is wichtich foar ús identiteit, mar ek foar de kwaliteit fan ús libbensfermidden. Alde, mar ek jongere ferhalen fan it libben troch de iuwen hinne bliuwe sichtber en behâlden. De provinsje hat taken dy't foar it Fryske erfgoed in ferskil meitsje kinne. De provinsje beskermet, ûndersiket en stimulearret it erfgoed en it draachflak dêrfoar. Sa wurde de karakteristike terpen en oare argeologyske wearden, dy't op de argeologyske kaart FAMKE steane, beskerme en wurde argeologyske fynsten yn it argeologysk depot bewarre. Troch miljoenen te yvestearjen yn restauraasje en in nije bestimming jaan binne hûnderten monuminten lykas tsjerken, pleatsen, mûnen of suvelfabriken takomstbestindich restaurearre. Aktiviteiten fan provinsjale erfgoedinstellings of oare publyksaktiviteiten wurde finansjeel stipe. Mar ek kultuerlânskiplike wearden lykas

âlde diken, (op)fearten, beskerme doarps- en stedsgesichten, ferkavelingspatroanen, state- of kleasterterreinen, wurde beskerme mar ek fuortsterke troch it opknappen dêrfan finansjeel te stimulearjen. It kultuerlânskiplik erfgoed dat de provinsje wichtich fynt, stiet yn de strukturfyzje 'Grutsk op 'e Romte', de Kultuerhistoaryske kaart en de FAMKE-kaart. Dêr moatte gemeenten yn harren omjouwingsplannen ek rekken mei hâlde. Mei it erfgoedprogramma wurde dy suksesfolle patroanen trochset en wurdt dêrnjonken ynspile op nije ûntwikkelingen en kânsen, lykas lânbou en natuer, leefberens, klimaat en wenjen.

### Beliedsnota Nij Poadium rint ôf

Sûnt 2021 is it erfgoedbelied yn twa beliedsfjilden opnommen. Dat binne de beliedsnota Nij Poadium (2021-2024) en de Omjouwingsfisy De romte diele (2020). Op 31 desimber 2024 rint de beliedsnota Nij Poadium, dêr't njonken erfgoed, ek kultuer, taal en ûnderwiis yn opnommen binne, ôf.

Besletten is om foar kultuer, taal en ûnderwiis, en erfgoed fan 2025 ôf aparte programma's op te stellen. It replike en ymmateriële erfgoed, dêrûnder de museums en argiven, falt ûnder it kultuerbelied. Dit omjouwingsprogramma is de útwurking foar it ûnreplik erfgoed; kultureel erfgoed as ûnderdiel fan it fysike libbensfermidden.

### Omgevingswet en Erfgoedwet

De Omgevingswet is mei yngong fan 1 jannewaris 2024 yngien.

Yn de Omgevingswet is kultureel erfgoed oanwiisd as ien fan de omjouwingskwaliteiten fan it fysike libbensfermidden. Krekt dêryn sit de oanlieding om foar erfgoed in omjouwingsprogramma op te stellen en net langer foar in aparte beliedsnota te kiezen. Sa wurdt gearhingjend belied op it fysike libbensfermidden befoardere. De Omgevingswet jout de provinsje it ynstrumint fan it opstellen fan in omjouwingsprogramma dat basearre is op de beliedsútgongspunten fan de omjouwingsfisy. Njonken de Omgevingswet jout it omjouwingsprogramma ek ynfolling oan de wetlike taken op grûn fan de Erfgoedwet.

Ensemble fan boud en grien erfgoed: Fogelsangh State, Feankleaster

## 1.2 | Wêr rjochtet it omjouwingsprogramma him op

### Omjouwingsfisy De Romte diele

It omjouwingsprogramma rjochtet him op de útwurking en útfiering fan it erfgoedbelied dat foar de provinsje Fryslân yn de no jildende omjouwingsfisy De Romte diele fêstlein is. Yn de omjouwingsfisy is oanjûn dat de ûnderwerpen fan it Fryske erfgoed de neikommende binne:

- boud erfgoed, lykas ryksmonuminten, karakteristike bouwurken, steds- en doarpsgesichten;
- argeologysk erfgoed;
- kultuerlânskiplik en grien erfgoed.

It programma rjochtet him op de perioade 2025-2028. Fierder rjochtet it him op 'e ambysje út 'e omjouwingsfisy 'foar in karakteristyk en sûn Fryslân' en jout in útwurking oan de neikommende ûnderdielen út 'e omjouwingsfisy:

- Foar "De basis op orde": "behoud van het Friese erfgoed" sawol boppe as ûnder de grûn en sawol beboud as ûnbeboud (grien, wetter) en "karakteristieken van het landschap zijn beleefbaar".
- Foar "Urginte opjeften": it keppeljen fan erfgoed oan de fjouwer yntegrale opjeften met tapassing fan de liedende prinsipes (hjrnei). Dizze opjeften binne:
  - Fryslân fitaal, leefber en berikber hâlde;
  - enerzjytransysje mei krêft trochsette;
  - Fryslân klimaat adaptyf ynrjochtsje;
  - Fersterkjen fan it bioferskaat.
- Foar "Hoe gaan we werken" útwurking jaan oan ien fan de liedende prinsipes foar ûntwikkelingen: "omgevingskwaliteiten als ontwerpbasis", wêrby't erfgoed ien fan dy omjouwingskwaliteiten is.

De omjouwingsfisy is keppele oan de strukturfisy Grutsk op 'e Romte. Dêr binne de lânskiplike en kultuerhistoaryske struktueren en eleminten fan provinsjaal belang yn beskreaun. Dit omjouwingsprogramma bout dêrom ek troch op de kwaliteiten dy't dêryn beneamd binne.

### Bestjoersakkoart Oparbeidzje foar Fryslân 2024-2027

Fierder rjochtet it omjouwingsprogramma him op de útwurking fan it bestjoersakkoart dêr't erfgoed op de neikommende wize yn opnommen is:

- Wy soargje derfoar dat Fryslân moai bliuwt. Nije ûntwikkelingen passe wy sa goed mooglik yn ús (kultuerhistoarysk) lânskip yn.
- Wy Friezen binne grutsk op ús lanlik gebiet mei it eigen Fryske karakter.
- Wy hâlde each foar de beskerming fan wichtige (kultuerhistoaryske) lânskipseleminten.
- Ynstellingen en organisaasjes dy't it ferhaal fan Fryslân fertelle, fertsjinje, wêr't dat mooglik is, stipe. Ynset op in robûste basisynfrastruktuer foar kulturele (erfgoed)

ynstellingen.

- Ienfâld, minder loketten en regeldruk ferminderje (bygelyks subsydjeregeling).
- Stipe foar frijwilligers.
- Foar erfgoed binne njonken de strukturele middels tydlike middels beskikber steld. It Planetarium wurdt neamd as nij te finansierjen ynstelling út dy tydlike middels.

### Romtlike Aginda en fernijing Provinsjale Omjouwingsfisy

Njonken de útwurking fan it erfgoedbelied yn de omjouwingsfisy, rjochtet it omjouwingsprogramma him ek op de kommende fernijing dêrfan. Yn it NOVEX-trajekt waarden alle provinsjes troch it Ryk frege om in Romtlik Foarstel yn te leverjen. In foarstel hoe't de provinsje omgean wol mei de nasjonale, provinsjale en regionale opjeften. Provinsje Fryslân hat derfoar keazen om yn stee fan in Romtlik Foarstel in Romtlike Aginda oan te leverjen. It belang en de kânsen foar kultureel erfgoed hawwe in wichtich plak yn de Aginda krige.

It meitsjen fan romtlike karren moat yntegraal yn de Provinsjale Omjouwingsfisy (POVI) barre. Dêrom sil de POVI fernijd wurde. Dêr is in startnotysje foar opsteld en mids 2026 sil de nije POVI fêststeld wurde. It omjouwingsprogramma rjochtet him ek op de útgongspunten dy't dêryn formulearre binne. Dat binne oangeande erfgoed ûnder oare:

- It 'Frysk eigene' yn de romtlike puzel foarop stelle, en kultureel erfgoed is dêrby as in oerkoepeljende opjeft oanwiisd;
- Stribje nei behâld en ûntwikkeling fan omjouwingskwaliteiten mei in balâns tusken gebrûkswearde, takomstwearde en belibbingswearde (ynkl. komôfwearde);
- Kultureel erfgoed, wêr't dat nedich is, beskermje en ek benutte as boarne fan ynspiraasje foar nije oplossings en ûntwikkelingen;
- By de ynpassing fan de opjeften ynsjoch jaan yn hoe't dy by de skaaimerken en identiteit fan in gebiet oanslute. Dêrfoar wurde de wearden fan erfgoed en lânskip yn byld brocht en yn ûntwerp- en ûntwikkelingsprinsipes útwurke. Dêrby wurdt fuortbreide op de kwaliteiten sa't dy yn de strukturfisy Grutsk op 'e Romte steane.
- It ûntwikkeljen fan in strategy foar it yn stân hâlden fan UNESCO-Wrâlderfgoed, Ryksmonuminten, beskerme steds- en doarpsgesichten en weropbougebieten;
- Wurklistpunt foar de POVI: fisy ûntwikkelje op yntegraasje fan lânskips- en erfgoedwearden (ynkl. UNESCO, Ryksmonuminten en beskerme steds- en doarpsgesichten) by romtlike opjeften;

Mochten de fernijings fan de POVI dêr oanlieding foar jaan, dan sil it omjouwingsprogramma dêrop oanpast wurde.



Monuminten, karakteristike doarpsbebouwing en weardefolle grienstruktuer yn it beskerme dôprsgesicht fan Aldeberkeap

## 1.3 | Opbou omjouwingsprogramma

It omjouwingsprogramma is yn de neikommende programmaûnderdielen útwurke.

- Eftergrûnen (haadstik twa): mei dêryn:
  - It belang fan erfgoed (2.1)
  - Ramt, wetlik, bestjoersôfspraken, belied en finânsjes (2.2)
  - Evaluaasje, relevante ûntwikkelingen en de relaasje mei oare beliedsfjilden (2.3);
- Wat wolle wy berikke (haadstik trije):
- Programmalinen; de maatregels as útwurking fan de beliedsdoelstellings (haadstik fjouwer):
  - Programmaline 1: Erfgoed algemien
  - Programmaline 2: Boud erfgoed
  - Programmaline 3: Argeologysk erfgoed
  - Programmaline 4: Kultuerlânskiplik en grien erfgoed
- Middels (haadstik 5)

## 1.4 | Wichtichste wizigings ferlike mei Nij Poadium

De wichtichste wizigings binne:

- Erfgoedbelied wurdt yntegraler en mear op it gebiet rjochte. Wat der feroaret is benammen de wurkwiize yn it erfgoedbelied dy't oanpast wurdt nei it yngaan fan de Omgevingswet. Dêrnjonken binne der provinsjale opjeften dy't mear yntegraal en gebietsrjochte binne. Fanwegen dy opjeften is der in gruttere ynset op it trochwurkjen fan erfgoed yn rinnende yntegrale programma's en gebietsûntwikkelings. It biedt goede kânsen om erfgoed mei te keppeljen mei programma's lykas it FPLG, it GLB/NSP of it (agrarysk) natuerbehear, Regiodeals, wenje of rekreasje en toerisme. Oan 'e iene kant om kwetsbere erfgoedwearden te beskermjen of op te knappen, mar oan 'e oare kant ek om it ûnderdiel fan ûntwikkeling of ynspiraasje foar nije ûntwikkelingen wêze te litten. Utgongspunt dêrfoar bliuwt de fisy Grutsk op 'e Romte. Yn gearhing mei de fernijing fan de POVI en it programma lânskip wurdt ek in fisy op de yntegraasje fan erfgoedwearden by romtlike opjeften ûntwikkele.

- Erfgoedwearden fan provinsjaal belang binne mei lânskiplike wearden yn de fisy Grutsk op 'e Romte opnommen. Dy wurkje troch fia de Omjouwingsferoardering Fryslân. In tal fan dy provinsjale belangen (delsettingsstruktuere en karakteristike bebouwing) slacht op it beboud gebiet dat noch net yn de omjouwingsferoardering opnommen is. Mei it each op de winske trochwurking dêrfan, de boarging fan provinsjale subsydzjeferliening foar monuminten en karakteristike gebouwen en de ferwachte ûntwikkelingen yn it beboude gebiet, is yn it programma opnommen om de omjouwingsferoardering ek yn it beboud gebiet fan tapassing wêze te litten, sadat gemeenten yn harren ôfwaging fan belangen dêrmei rekken hâlde moatte. Ek wurdt yn gearhing mei it noch op te stellen omjouwingsprogramma lânskip ûndersocht yn hoefier't de omjouwingsferoardering fierder oanpast wurde moat op basis fan provinsjale belangen dy't yn Grutsk op 'e Romte beneamd binne.
- Binnen de subsydzjeregeling monuminten komme inkele oanpassings, dêrûnder de tafoeging fan grien erfgoed, de yntegraasje fan de regeling foar dakken fan pleatsen, de ferheging fan maksimale bedraggen fanwegen de hegere prizen, it digitaal yntsjinjen en oare ferienfâldigings.
- In stoarting yn it Cultuurfonds voor Monumenten Fryslân foar lienings mei in lege rinte foar gemeentlike monuminten of beskerme karakteristike gebouwen.

- Oangeande argeology wurde de foarm en posysje fan de argeologyske kaart FAMKE op 'en nij hifke mei mear omtinken foar de ûnderbouwing, gemeentlike ferantwurdlikheid, stjoering op provinsjale belangen en fuortsette gearwurking mei gemeenten om de kaarten by de tiid te hâlden.
- Stipe foar Wrâlderfgoed Planetarium fan 2026 ôf.
- Mear omtinken foar partisipaasje (Ferdrach fan Faro), stipe fan frijwilligers en erfgoeddukaasje.
- Mear gearwurking mei gemeenten en mear omtinken foar it Ynterbestjoerlik Tafersjoch.

## 1.5 | Proseduere

De proseduere fan in omjouwingsprogramma stiet yn de Omgevingswet en befettet ûnder oare partisipaasje en it op besjen lizzen fan it ûntwerp mei mooglikheid fan yntsjinning sjenswizen. De belutsenens fan PS is neier útwurke yn de brief fan DS fan 11 july 2023 oer de wurkwize 'vaststellen omgevingsprogramma's'. Omdat dit omjouwingsprogramma Nij Poadium opfolget en beliedskomponenten befettet wurdt PS eksplisyt frege om winsken en betinkings oan te jaan. Dit hat resultearre yn de folgjende proseduere.



Agrarysk kultuerlânskip Noardlike Fryske Wâlden by Twizel

## Proseduere 2024

Analyze ûntwikkelingen en konsept haadlinen opstelle	jan/feb
Ofstimming erfgoedfjild	maart
Ofstimming gemeenten en Ryk	april
DS fêststelling ûntwerp	7 maaie
6 wike op besjen lizze mei 8 yntsjinne sjenswizen	21 maaie – 2 july
Tastjoere oan PS, mooglikheid winsken en betinkings	ein maaie
Presentaasje Provinsjale Kommissje Lanlik Gebiet	21 juni
Reaksjenota op yntsjinne sjenswizen yn DS en neistjoere nei PS	10 sept
Behanneling PS mei 5 yntsjinne winsken en betinkingen	23 oktober
Fêststelling DS	3 desimber

Beskerme stedsgesicht Ljouwert mei monumintale Bonifatijstsjerke



# Eftergrûnen

## 2.1 | It Fryske erfgoed

De iuwenlange Fryske skiednis hat in rike skat oan erfgoed yn it fysike libbensfermidden efterlitten.


It argeologysk boaiemargyf fertelt it ferhaal fan ferskate iuwen bewenningskiednis, fan de prehistoarje oant de nije tiid. It befettet hast twatûzen bekende weardefolle terreinen, lykas fynplakken fan fjoerstien en terpen, wêrby't de lêsten ek ynternasjonaal sjoen in unyk besit foarmje. Hast 200 terreinen binne argeologysk ryksmonumint


Yn ús boude fermidden sjogge wy in soad karakteristike bebouwing, dêrûnder 4000 ryksmonuminten, 3000 gemeentlike monuminten en tûzenen oare karakteristike gebouwen. It lit in prachtich byld fan de bouskiednis sjen, fan de midsiuwen oant no ta. Meast opfallend binne de pleatsen dy't de foar Fryslân sa wichtige agraryske skiednis sjen litte, de tsjerken dêr't nearne oars safolle fan steane, de histoaryske bûtenpleatsen mei kombinaasjes fan grien erfgoed en de histoaryske doarpen en stêden, wêrfan't der 64 yn beskerme steds- en doarpsgesichten lizze.

It boude erfgoed is direkt keppele oan it griene erfgoed en it histoaryske kultuerlânskip. It griene erfgoed bestiet út parken en parkbosken, begraafplakken, boerehiemen, histoaryske túnoanlis, struktueren fan leanen en oare weardefolle histoaryske beplanting. Grien en read erfgoed foarmje faak fraaie ensembles lykas yn 'e parklânskippen fan Oranjewâld en Beetstersweach. De histoaryske kultuerlânskippen op 'e klaai-, fean- en sângrûn jouwe in hiel ôfwikseljend byld. Se binne noch wol sa goed werom te kennen dat de Vereniging Nederlands Cultuurlandschap de provinsje Fryslân keazen hat ta moaiste provinsje fan Nederlân. It klaaiterpelânskip, feangreidelânskip en houtwâllânskip binne bysûnder, ek ynternasjonaal sjoen. Kultuerhistoaryske objekten en struktueren, lykas diken, (op) fearten, ferkavelings, houtwâlen en elzelsingels, greppellân, krunige perselen en histoaryske paden, jouwe it kultuerlânskip in ôfwikseljend en typearjend karakter. Hast 100 terreinen binne ryksbeskerme grienoanlizzen.

### Kultuerhistoaryske Kaart Fryslân

[www.fryslan.frl/chk](http://www.fryslan.frl/chk)





**“In bysunder ûnderdiel foarmt it Werelderfgoed wêr’t net minder as fjouwer yn Fryslân binne.”**

In bysunder ûnderdiel foarmt it Wrâlderfgoed, dêr’t der mar leafst fjouwer fan yn Fryslân binne: Woudagemaal, Planetarium, Koloniën van Weldadigheid en de Waadsee.

Mei-inoar fertelle dy ûnderdielen út ús libbensfermidden it Ferhaal fan Fryslân. Yn gearhing mei lânskiplike wearden binne dy kultuerhistoaryske wearden yn de struktuerfisy Grutsk op ‘e Romte ynventarisearre, analysearre en wurdearre. By de wurdearring binne de meast weardefolle gearhingjende kultuerhistoaryske en lânskiplike struktueren en eleminten selektearre en oanwiisd as provinsjaal belang. Dat is bard yn in Top 10 foar de provinsje as gehiel en foar dielgebieten. Wichtige eftergrûnynformaasje dêrfoar wiene de Friese Archeologyske Monumenten Kaart Extra (FAMKE), de Cultuurhistorische Kaart (CHK), de lânskipstypekaart en it dokumint ‘Wordingsgeschiedenis van Fryslân’.

It erfgoed fan provinsjaal belang jout kwaliteit en wearde oan ús leefomjouwing. Dat wurdt mei bepaald troch gebrûkswearde, takomstwearde en belibbingswearde, ynklusyf de werkomstwearde. In foarbyld fan de belibbingswearde fan erfgoed yn de fysike leefomjouwing binne sintúglike ûnderfinings fan bylden, geuren en lûden dy’t kultuerhistoarysk ferbûn binne mei it Frysk kultuerlânskip en monuminten.

## 2.2 | Wetlik ramt, bestjoersôfspraken, belieds- en finansjeel ramt

### Wetlike taken Omgevingswet

- Soarchplicht foar it fysike libbensfermidden, dêrûnder kultureel erfgoed en wrâlderfgoed. It giet om boude en oanleine monuminten, argeologyske monuminten en te ferwachtsjen argeologyske monuminten, steds- en doarpsgesichten en kultuerlânskippen.
- Utoefening taken en foegen en gearhingjende ôfwaging fan alle belangen yn it fysike libbensfermidden, dêrûnder

kultureel erfgoed en wrâlderfgoed. Dat hat ek te krijen mei oare provinsjale taken, dy’t oan kultureel erfgoed reitsje, lykas gebiertsûntwikkelingen, ynfra, wetter en wettersteat, boaiem, lânbou en natuer, wenjen ensfh.

- It fêststellen en útfieren fan kultuerhistoarysk omjouwingsbelied yn omjouwingsfisy en útfieringsprogramma’s. Om oan dy ferplichting te foldwaan is kultuerhistoarysk en argeologyske ûndersyk needsaaklik.
- It beskermjen fan argeologyske wearden is nei it Ferdrach fan Malta wetlik ferankere, ûnder oare troch in ûndersyksplicht (fersteurdersprinsipe).
- Juridyske ferankering fan provinsjale belangen foar kultureel erfgoed en wrâlderfgoed yn de Omjouwingsferoarderding, foar it trochwurkjen yn gemeentlike plannen en it gebrûk meitsjen fan provinsjale foegen foar ynstruksjes, sjenswizen of ferfangingsbesluten.
- Advisearring wizigings argeologyske, boude en griene ryksmonuminten bûten de beboude kom.

### Wetlike taken Erfgoedwet

- Subsidiearring restauraasje ryksmonuminten (boud en grien). Dit giet om de desintralisearre wetlike taak op basis fan it bestjoersakkoart Ryk-IPO (sjoch hjirnei).
- Yn stân hâlden provinsjaal argeologysk depot
- Advisearring oanwizing argeologyske ryksmonuminten
- Advisearring oanwizing fan beskerme steds- en doarpsgesichten.

### Wetlike taken Wet Interbestuurlijk toezicht

Ynterbestjoerlik tafersjoch op gemeentlike wetlike taken (monuminten, argeology, kultuerhistoaryske Omgevingswet), foar sawol griene, reade as argeologyske monuminten.

### EU-rjochtliden en UNESCO

- Ferdraggen fan Faro (erfgoedpartisipaasje) en Malta (argeology) tapasse
- GLB/Leader, (foarhinne POP) oangeande kultuerhistoaryske útfiere
- Wrâlderfgoed oanwize en boargje

### Bestjoersoerienkomst provinsjale kearntaken

Yn in troch it IPO en Ryk ôfsletten bestjoersoerienkomst binne de provinsjale kearntaken fêstlein. De neikommende kearntaken binne fan tapassing:

#### a. Kulturele ynfrastruktuer/ monuminten:

- Boppeneamde wetlike taken;
- It stypjen fan provinsjale basisynfrastruktuer foar erfgoed: dêrûnder falle platfoarms, stipe- en kennisynstallings;
- It stypjen fan de wetlike taak monumintesoarch: it befoarderjen fan restauraasjekwaliteit, ynstream learlingen foar it restauraasje-ambacht, it stypjen fan eigner yn it drege trajekt fan it sykjen nei in nije bestimming foar erfgoed en it ferduorsumjen dêrfan;
- Yn stee fan it brûken fan it wetlik foech foar it oanwizen fan provinsjale monuminten, kieze foar it stypjen fan gemeentlik monumintebelied en beskermjen fan karakteristike gebouwen;
- Dielnimme oan IPO Ynterprovinsjale Wurkgroep Kultuerhistoaryske, AAC en BAC erfgoed en noardlike ôfstimming

#### b. Duorsume romtlike ûntwikkeling:

- Boppeneamde wetlike taken Omgevingswet

#### c. Fitaal plattelân:

- Under de fitale funksjes fan it plattelân falt erfgoed en kultuerlânskip;
- Programma’s en regelingen FPLG en Natuerbehear oangeande kultuerlânskip;
- Europeeske programma’s foar ûntwikkeling fan it plattelân dy’t ûnder it GLB/NSP en Leader falle, dêrûnder iepenstelling foar saneamde net-produktive ynvestearings, dêrûnder it opknappen fan kultuerlânskip.

### Oare bestjoersoerienkomsten:

- Bestjoersoerienkomst tusken IPO en Ryk oer de restauraasje fan ryksmonuminten (wetlike taak) en it romtlik belied, wêrby’t it Ryk € 1,6 miljoen desintralisearret.

- Op grûn dêrfan jildt der in ynspanningsferplichting foar provinsjale matching mei eigen provinsjale middels foar itselde bedrach. Underdiel fan it akkoart is it byhâlden fan in monumintemonitor.
- Bestjoerlike ôfspraken oer de provinsjale stipefunksje monumintesoarch en argeology.
- Foar it realisearjen en behearen fan it Noardlik argeologysk depot yn Nuis is in bestjoersoerienkomst ôfsletten mei de provinsjes Grinslân en Drinte.
- Foar it ferdjipjen fan de argeologyske kaart FAMKE binne gearwurkingsoerienkomsten ôfsletten mei gemeenten en (kulturele ynfrastruktuer) gearwurkingsoerienkomsten mei de RUG en de Fryske Akademy.
- IPO hat út namme fan de provinsjes foar de oanpak fan it Nasionaal Programma Toekomst religieus erfgoed gearwurkingsôfspraken ûndertekene.
- IPO hat út namme fan de provinsjes de Erfgoeddeal mei it Ryk ûndertekene om erfgoed yn de grutte romtlike transysjes en it gebiertsrjochte wurkjen trochwurkje te litten.

### Beliedsramt en Omjouwingsferoarderding

It wichtichste beliedsramt foar dit omjouwingsprogramma is de omjouwingsfisy De Romte diele en de Romtlike Aginda yn gearhing mei de struktuerfisy Grutsk op ‘e Romte. De haadlinen steane yn de ynliding oanjûn. Dat is paragraaf 1.2 oer wêr’t it omjouwingsprogramma him op rjochtet.

### Ryksbelied Contourennotitie Nota Ruimte

Dit omjouwingsprogramma slút nau oan op de fisy en útgangspunten fan it nije ryksbelied dêr’t yn opnommen is dat kultureel erfgoed mei de identiteit fan Nederlân en syn mienskippen bepaalt. “Het biedt inspiratie en kan eraan bijdragen nieuwe oplossingen te vinden. We beschermen wat we belangrijk vinden, benutten het verleden en sluiten bij ruimtelijke ontwikkeling aan bij kenmerken en identiteit van gebieden”.

### Finansjeel ramt

Njonken de strukturele middels foar de boekjierynstellings, argeology en de ryksmiddels foar de subsydzjeregeling Monuminten dy't itselde bliuwe, is der € 5 miljoen oan tydlike middels foar 2025 o/m 2028 beskikber. Alle jierren yn trochsneed € 1,25 miljoen. Fanwegen de weromrinnende provinsjemiddels is dat minder as yn de foarige beliedsperiode. Dat betsjut dat der yn ferliking mei Nij Poadium minder finansjele romte is foar taken en it starten fan nije aktiviteiten. Tagelyk is it sa dat troch it tanimmende belang fan yntegrale programma's en projekten der mear kânsen binne om erfgoeddoelen fia oare beliedsprogramma's te realisearjen.

### 2.3 | Evaluaasje, ûntwikkelingen en mienskiplike aspekten mei oare beliedsfjilden

Yn 2023 is Nije Poadium troch Berenschot evaluearre. Dat is yn taheakke 1 gearfette. Yn de útwurking fan de programmalinen binne de útkomsten fan dy evaluaasje ferwurke.

Yn taheakke 1 binne ek de wichtichste ûntwikkelingen werjûn, dy't fan ynfloed op erfgoed binne. Ek wurdt yn de taheakke de relaasje mei oare provinsjale beliedsfjilden oanjûn. Under de programmalinen hjirnei wurde de wichtichste ûntwikkelingen út de taheakke yn it ûnderdiel 'Wat is der oan 'e hân' gearfette.

### Kaart structuurvisie voor landschap en cultuurhistorie

Grutsk op 'e Romte

[www.fryslan.fril/grutsk](http://www.fryslan.fril/grutsk)



**“Kultureel erfgoed wêr nedich beskermje en ek benutte as ynspiraasjeboarne foar nije oplossingen en ûntwikkelings”**



Wânswert, histoaryske feart, poldermûne, midsiuwske tsjerke en doarpsbebouwing



# Wat wolle wy berikke

**Op basis fan it ramt, evaluaasje en ûntwikkelingen dy't yn it foarige haadstik oanjûn binne, wurde de neikommende doelen neistribbe.**

**Behâld en ûntwikkeling fan erfgoed troch:**

- a. Erfgoedwearden fan provinsjaal belang yn romtlike plannen trochwurkje en meiwage te litten;
- b. Erfgoed te benutten as ynspiraasjeboarne, keppelkâns en as in ûnderdiel fan de ûntwerpbasis foar nije ûntwikkelingen, opjeften en gebietsplannen;
- c. Kennis oer erfgoedwearden op te bouwen en bekend te meitsjen;
- d. Argeologysk erfgoed te ûndersykjen en dêr belied foar troch te ûntwikkeljen;
- e. Restauraasje, nije bestimming sykje en it ferduorsumjen fan boud erfgoed te stimulearjen;
- f. Kultuerlânskiplik en grien erfgoed op te knappen;
- g. In grutter publyksberik en partisipaasje;
- h. Mear gear te wurkjen mei gemeenten en erfgoedinstellings.

Yn ferliking mei Nij Poadium wurde de beliedsdoelen foar it grutste part kontinuearre en foar in part oanpast nei oanlieding fan de nije opjeften, dy't mear yntegraal en gebietsrjochte binne. Yn finansjele sin binne der minder eigen erfgoedmiddels beskikber. Der binne wol mear yntegrale middels beskikber dêr't erfgoeddoelen op oanslute kinne.

Mochten de fernijings fan de POVI dêr oanlieding ta jaan, dan sil it omjouwingsprogramma dêrop oanpast wurde

# De fjouwer Programmatalinen

Op basis fan de haadstikken 1 oant en mei binne der fjouwer  
programmatalinen opsteld:

1. Programmataline erfgoed algemien
2. Programmataline boud erfgoed
3. Programmataline argeologysk erfgoed
4. Programmataline kultuerlânskiplik en grien erfgoed



Wierum: karakteristike doarpsbebouwing oan 'e griene Waaddyk

# Programmiline 1 | Erfgoed algemien

## Wat is der oan 'e hân?

- Omgevingswet op 1-1-2024 yngien mei dêryn kultureel erfgoed as omjouwingskwaliteit.
- Der binne grutte romtlike opjeften as it ferbetterjen fan bioferskaat, ûntwikkeling lânbou, enerzjytransysje, klimaatadaptaasje, wenje en leefberens. Yn it ramt fan û.o. NOVEX, it fernijen fan de POVI en FPLG is it ôfwagen en meikeppeljen fan erfgoed yn in gebiertsjochte oanpak fan belang en in kâns.
- Erfgoedwearden binne by romtlike ûntwikkelingen kwetsber, faak ûnbekend en ûnbeskerme.
- De fokus foar erfgoed ferskoot hieltyd mear fan objektrjochte nei gebiertsjochte as ûnderdiel fan gearhingjende lânskiplike en kultuerhistoaryske struktueren.
- Partisipaasje en yntegrale erfgoedsoarch is fan tanimmend belang op grûn fan de Omgevingswet en it ratifisearjen Ferdrach fan Faro. Dat ropt op om kultureel erfgoed yn tsjinst fan de mienskip te stellen en om publyksberik en partisipaasje fan ynwenners te befoarderjen.
- De erfgoedsektor driuwt foar in grut part op frijwilligers. It fêsthâlden, oanlûken en de regeljouwing dêr omhinne wurde dreger.
- Erfgoeddukaasje is troch besunigings fan de ôfrûne jierren gjin ûnderdiel mear fan kultuerdukaasje.
- Kapasiteit, kennis en kunde fan gemeenten foar erfgoed is in probleem. Kwaliteit fan erfgoedbeleid wikselet. De provinsje is ferantwurdlik foar ynterbestjoerlik tafersjoch op de wetlike taken.
- De groei fan rekreaasje en toerisme set troch.
- Maritym erfgoed is in ûnderdiel fan omjouwingskwaliteit, mar is beliedsmjittich amper belein.

## Wat wolle wy berikke?

- Kultuerhistoaryske wearden wurde beskerme en mei ôfwoegen yn romtlike plannen.
- Kultuerhistoaryske wearden benutte as ynspiraasjeboarne, keppelkâns en ûnderdiel fan ûntwerpbasis foar nije ûntwikkelingen, opjeften en gebietsplannen.
- Mear kennis en bekendheid fan erfgoed en de rol fan de provinsje dêrby.
- Erfgoedinstellingen en frijwilligers sette harren yn foar behâld, ûntwikkeling en draachflak.
- Mear gearwurking mei gemeenten, mei én tusken erfgoedinstellingen.
- Mear en breder maatskiplik draachflak.
- Ynwenners en toeristyske besikers kinne genietsje fan erfgoed.

## Wat sille wy dwaan?

- Trochwurking yn romtlike plannen fia Omjouwingsferoarding Fryslân.
- Advisearring troch ynterdissiplinêr team romtlike kwaliteit.
- Mear yntegraal en gebiertsjochte; meikeppelje mei oare programma's, projekten en gebietsûntwikkelingen.
- Fisy ûntwikkelje op de yntegraasje fan erfgoedwearden by romtlike opjeften.
- It aktualisearjen en útdragen fan de kennis oer it ferhaal fan Fryslân.
- Kennis diele en aktueel hâlde fia de Kultuerhistoaryske Kaart en ynteraksje.
- Mear omtinken foar partisipaasje, publyksberik en stipe foar frijwilligers.
- Yntegrearje fan erfgoeddukaasje yn kultuerdukaasje.
- Utfiere aktiviteiten Wurkplan Takomst Fryske Pleats.
- Gemeentlik erfgoedbeleid stimulearje en Ynterbestjoerlik Tafersjoch.
- Stimulearje aktiviteiten fan erfgoedinstellingen.
- Gearwurking mei én tusken erfgoedinstellings stimulearje ynklusyf de gearwurking tusken boud en grien erfgoed.
- Stipe UNESCO Wrâlderfgoed.
- Provinsjale rol maritym erfgoed ûndersykje.

## Wat kostet it? (jiers)

€ 1.198.200

## Taljochting op: wat sille wy dwaan?

### Trochwurking yn romtlike plannen fia Omjouwingsferoarding

Wichtich is dat erfgoedbelangen trochwurkje en meiwoegen wurde yn romtlike plannen fan de provinsje en gemeenten. Ut it eachpunt fan behâld (Basis op oarder) likegoed as ûntwikkeling. It giet dêrby spesifyk om kultuerhistoaryske wearden fan provinsjaal belang. Dy binne yn de strukturfisy Grutsk op 'e romte (Grutsk) fêststeld. Dêryn binne kultuerhistoaryske en lânskiplike wearden ynterarisearre, analysearre en wurdearre. De Kultuerhistoaryske Kaart (CHK), FAMKE en lânskipstypenkaart binne ûnderlizzers en oanfoljende kaartlagen foar Grutsk, dêr't wearden op perseelnivo yn oanjûn binne. Fia de provinsjale Omjouwingsferoarding Fryslân is fêstlein dat gemeenten Grutsk en FAMKE yn harren ôfwagings behelje moatte. As dat nedich is dan wurde oer gemeentlike plannen sjenswizen yntsjinne of wurde oare provinsjale ynstruminten út de Omgevingswet ynset.

Yn Grutsk is ûnder oare in Top 10 fan provinsjale belangen opnommen. In tal dêrfan (delsettingsstruktueren en karakteristike bebouwing) slagge op de beboude omjouwing wat net yn de omjouwingsferoarding opnommen is. Mei it each op de winske trochwurking dêrfan, de boarging fan provinsjale subsydzjeferliening foar monuminten en karakteristike gebouwen en de ferwachte oanpassings yn de beboude omjouwing, wurdt útsteld om de omjouwingsferoarding ek yn it beboud gebiet fan tapassing wêze te litten, sadat gemeenten dat yn harren planfoarming en belangeôfwaging behelje moatte. Dêrnjonken sil yn gearhing mei it programma lânskip ûndersocht wurde yn hoefier't de omjouwingsferoarding op basis fan provinsjale belangen fierder oanpast wurde moat.

### Advisearring troch ynterdissiplinêr team romtlike kwaliteit oer romtlike plannen, omjouwingstafels

Advizen en kennisútwikseling foar de trochwurking yn romtlike plannen fia de Omjouwingsferoarding, wurde troch it ynterdissiplinêr provinsjale Team Romtlike Kwaliteit útbrocht. Dêr meitsje ek adviseurs kultuerhistoarje diel fan út. In part fan de yntegrale advisearring is it dielnimmen oan omjouwingstafels.

### Yntegraler en mear gebiertsjochte; meikeppelje mei oare programma's, projekten en gebietsûntwikkelingen

Wat der feroaret is benammen de wurkwize yn it erfgoedbeleid dy't nei it yngean fan de Omgevingswet oanpast wurdt. Dêrnjonken binne der nije provinsjale opjeften dy't mear yntegraal en gebiertsjochte binne. Fanwegen de grutte romtlike opjeften is der in gruttere ynset op de trochwurking fan erfgoed yn rinnende yntegrale programma's en gebietsûntwikkelingen. Oan 'e iene kant om kwetsbere erfgoedwearden te beskermjen

of op te knappen, mar oan 'e oare kant ek om mearwearde te jaan, it ûnderdiel fan ûntwikkeling of ynspiraasje foar nije ûntwikkelingen wêze te litten. Wichtige en kânsrike keppelingen binne der mei bygelyks it Frysk Programma Lanlik Gebiet, Beamme- en boskestrategie, net-produktive ynvestearings yn GLB/NSP, lânbou en natuer (dêrûnder it Agrarysk Natuer- en Lânskipbehear, Natuerbehearplan), Regiodeals, Programma Wenjen, ynfraprojekten, gebietsûntwikkelingen (lykas feangreide mei û.o. it op 'en nij ynrjochtsjen en fundearingsproblematyk), leefberens (dêrûnder it IMF en de Dorps Ontwikkelings Methodiek), kultuer (Ferhaal fan Fryslân, museums, argiven en edukaasje), rekreaasje en toerisme (û.o. fia gearwurking mei Merk Fryslân), duorsumens en enerzjy. It ôfwagen en meikeppeljen fan erfgoedwearden is wichtich en jout kânsen foar mearwearde, ynspiraasje en omjouwingskwaliteit. Dat bart neffens de prinsipen fan de omjouwingsfisy. Foarbylden fan dy mearwearde en keppelkânsen foar aktuele opjeften binne it ynsetten fan:


- bûtenpleatsen of lânskipseleminten foar de beamme- en boskestrategie en bioferskaat;
- histoaryske wetterstruktueren foar de klimaatadaptaasje en bioferskaat;
- âld agrarysk greppellân foar bioferskaat en klimaatadaptaasje;
- histoaryske pleatsen mei hiemen/hiembplanting foar bioferskaat of wenopjeftje;
- nije bestimming fan karakteristike gebouwen yn stee fan nijbou foar leefberens en omjouwingskwaliteit;
- it Fryske erfgoed op 'e merk bringe en akkommodearje fan it groeiend ferlet oan rekreaasje en toerisme.

Yn de provinsjale Romtlike Aginda (sjoch 1.2) wurdt oanjûn dat it foar romtlike ûntwikkelingen wichtich is hoe't dy by de skaaimerken en identiteit fan in gebiet oanslute. Fan belang is dat dêrby de wearden fan erfgoed en lânskip yn byld brocht wurde en yn ûntwerp- en ûntwikkelprinsipen útwurke wurde. It giet dan net allinne om losse objekten, mar krekt om gearhingjende struktueren. Foarbyld fan in gearhingjende struktuer mei sawol grien as read erfgoed, binne de staten en bûtenpleatsen mei harren omlizzende bûtenpleatsbiotoop. Dy kompleksen hawwe ek harren eigen problematyk en kânsen oangeande it yn stân hâlden, eksploitaasje, funksje, opfolging, ensemblefoarming, rekreaasje en toerisme, en eveneminten.

By it meikeppeljen fan erfgoed wurdt fierder boud op de kwaliteiten lykas oanjûn yn Grutsk. Troch de formele status fan Grutsk moat de provinsje ek sels rekken hâlde mei Grutsk (selsbinende wurking). Troch it IPO is út namme fan de provinsjes yn 2019 de Erfgoeddeal ûndertekene. It doel is om projekten te stimulearjen wêrby't erfgoed in mearwearde jout foar de aktuele grutte romtlike transysjes, lykas klimaatadaptaasje, enerzjytransysje, duorsume ekonomy, natuer en lânbou, de wenopjeftje en mobiliteit. Provinsjes matche dêrby it beskikbere Ryksjild. Stribbe wurdt om by it meikeppeljen fan erfgoed oan dy grutte opjeften, projekten foar de Erfgoeddeal



Takomst Fryske Pleats, ek yn Akkrum



Weardefol ynterieur fan museumbuorkerij Ald Barrahûs

yn te tsjinjen. Provinsjale matching voor it ta te kennen ryksjild wurdt safolle mooglik binnen de oanbelangjende programma-budzjetten socht.

### Fisy ûntwikkelje op de yntegraasje fan erfgoedwearden by romtlike opjeften

Wichtich foar de trochwurking en it meikeppeljen is dat der in fisy ynklusyf in strategy leit hoe't erfgoedwearden, ynklusyf UNESCO, Ryksmonuminten en beskerme steds- en doarpsgesichten, yn gearhing mei lânskipswearden by romtlike opjeften yntegrearre wurde kinne. Dat is in agindapunt foar de fernijing fan de POVI en fuortkommen út de Romtlike Aginda (sjoch 1.2). De fisy sil yn gearhing mei de fernijing fan de POVI en it op te stellen programma lânskip ûntwikkele wurde. Dêrby wurdt fierder boud op de kwaliteiten sa't dy yn de struktuerfisy Grutsk op 'e Romte oanjûn binne. In wichtige ynspiraasje foar de fisy is de metodyk Mei it ferline Foarút. Yn de fisy sil sribbe wurde nei behâld en ûntwikkeling fan erfgoedwearden mei in balâns tusken gebrûkswearde, takomstwearde en belibingswearde (ynkl. komôfwearde). By it ynpassen fan de opjeften sil ynsjoch jûn wurde moatte yn hoe't dy oanslute by de skaaimerken en identiteit fan in gebiet. Wichtich dêrfoar is dat de wearden fan erfgoed en lânskip yn byld brocht wurde en yn ûntwerp- en ûntwikkelpinsipen foar dy opjeften útwurke wurde. Socht sil wurde nei kânsen en mooglikheden om safolle mooglik mei oare opjeften mei te keppeljen om yntegraal it meast optimale resultaat te heljen. Fan ekstra belang binne de gearhingjende struktueren en klusters fan erfgoedwearden (ensembles).

### Ferhaal fan Fryslân aktualisearje en útdrage

Yn de struktuerfisy Grutsk op 'e Romte wurdt yn gearhing mei it dokumint De wordingsgeschiedenis van Fryslân, de kultuerhistoaryske kaart en de lânskipstypenkaart it ferhaal fan it Fryske erfgoed en lânskip ferteld. Grutsk op 'e Romte sil op inkelde ûnderdielen aktualisearre wurde. Dat mienskiplike ferhaal wurket troch yn alle aktiviteiten fan it omjouwingsprogramma.

### Kennis diele en aktueel hâlde fia Kultuerhistoaryske Kaart (CHK) en ynteraksje

De digitale Kultuerhistoaryske Kaart op de provinsjale webside biedt yn gearhing mei de lânskipstypenkaart en it dokumint 'Wordingsgeschiedenis van Fryslân' in skat oan ynformaasje foar gemeenten, ynstellingen, buro's en partikulieren oer kultuerhistoaryske wearden. It byhâlden fan besteande gegevens, aktualisaasje, de bekendheid en it gebrûksfreonlik meitsjen, is wichtich. Aktuele opjeften of romtlike ûntwikkelingen kinne in oanlieding wêze om de CHK te ferrykjen mei nije ynformaasjekarten of in kategory te ferdjipjen. Dat jildt bygelyks foar karakteristike gebouwen, militêr erfgoed of de Dorpenatlas. By dy lêste wurdt in keppeling lein mei leefberens

en de Dorps Ontwikkelings Methodiek. By de aktualisaasje wurdt ek mear omtinken jûn oan partisipaasje fan de mienskip. Dat bart as earste mei de Dorpenatlas en it Post '65-projekt.

Dêrnjonken is it wichtich dat kennis oer erfgoedwearden, beskikbere data en kaarten, goede metodiken en plannen yn gearkomsten útwiksele wurde. Mooglikheden binne ek de Erfgoedkafes fan it Steunpunt Monumentenzorg en de Landschap Meetup.

### Mear omtinken foar partisipaasje, publyksberik en it stypjen fan frijwilligers

It ratifisearjen fan it Ferdrach fan Faro en de ferplichtings út de Omgevingswet hâlde yn dat boargers fia partisipaasje mear by erfgoed behelle wurde. Foar de Provinsje betsjut dat benammen in oare wize fan wurkjen/útfieren, mear mei de mienskip. Dat dogge wy troch:

- De mienskip by erfgoedûnderwerpen lykas it Post '65-programma of de trochûntwikkeling fan de kultuerhistoaryske kaart lykas by de kategory Dorpenatlas te beheljen;
- Amateurargeologen en it grutte publyk by argeologysk ûndersyk en argeologyske stipepunten te beheljen (sjoch programmaline trije – argeology);
- It publyksberik fia de media en sosjale media te ferbetterjen mei oansprekkende projekten lykas argeologyske opgravings, oansprekkende restauraasjes en it sykjen nei nije in nije bestimming, fernijend erfgoed fia de Erfgoeddeal of it projekt De Fryske Pleats (foar al dy spesifike aktiviteiten, sjoch oare programmalinen);
- Erfgoedinstellings yn harren publyksaktiviteiten te stimulearjen;
- Op bredere publyksaktiviteiten oan te sluten, lykas lanlike iepen dagen (Open Monumentendag, Molendag, Week van de geschiedenis, Nationale archeologiedagen);
- Op de publyksaksjes fan Merk Fryslân oan te sluten, lykas bygelyks de 'kerkenpagina' [www.friesland.nl/nl/kerken](http://www.friesland.nl/nl/kerken) en besinningstoerisme;
- De frijwilligersaktiviteiten fan erfgoedinstellings foar boud Erfgoed te stypjen (sjoch programmaline 2). Frijwilligers-aktiviteiten foar grien erfgoed wurde fia it beliedsfjild lânskip stipe. Wy stypje it platfoarm [www.erfgoedvrijwilliger.nl](http://www.erfgoedvrijwilliger.nl) om frijwilligers te stypjen en oan te lûken.
- In bestjoersoerienkomst mei it Ryk ôf te sluten foar it útfieren fan taken op basis fan it Ferdrach fan Faro.

### Erfgoeddukaasje yn kultuerdukaasje yntegrearje

Erfgoeddukaasje wurdt nei 2025 wer ûnderdiel fan it programma Kultuerdukaasje mei Kwaliteit (KEK), útfierd troch Keunstwurk binnen it beliedsfjild en de finansjele middels foar Kultuer. Dêrtroch wurdt erfgoeddukaasje wer ûnderdiel fan it kulturele aanbod foar de skoallen. Binnen it beliedsfjild kultuer kriget stichting Keunstwurk dêr binnen de beskikbere middels opdracht foar. It belied en finansjele karren binne yn it kulturbelied opnommen.

## Utfiere aktiviteiten Wurkplan Takomst Fryske Pleats

Foar de Fryske identiteit, skiednis en lânskip is de pleats in reade tried. Oer de wearde en de betsjutting fan de tûzenen histoaryske buorkerijplakken, al as net mei histoaryske pleats en griene hiembeplanting, is noch in soad ûnbekend. Fia programmaline trije (argeology) sil argeologysk ûndersyk en belied stimulearre wurde. Ek yn de CHK stiet noch net folle ynformaasje oer de bouhistorje. Yn oparbeidzjen mei de Boerderijstichting Friesland sil dy ynformaasje oanfolle wurde.

De ûntwikkeling fan de lânbou, skaalfergrutting en befolkingskrimp makket de pleats ta in kwetsbere kategory. Ut ûndersyk docht bliken dat der gâns restauraasjeferlet is, benammen foar pleatsen yn agrarysk gebrûk. Fierder sille ek yn de kommende jierren pleatsen harren agraryske funksje ferlieze troch ferskate ûntwikkelingen yn de lânbou en dat soarget foar de opjefte om in nije bestimming foar dy gebouwen te finen. Der lizze kânsen om frijkommende pleatsen en hiemen yn te setten foar de nije opjeften lykas wenje, rekreaasje of bioferskaat. Der wurdt ûndersyk dien nei planologyske regelingen foar bygelyks oare funksjes of mear wenienheden op it hiem te ferromjen. Spesjaal omtinken krije pleatsen dy't troch de provinsje oankocht binne yn it ramt fan gebietsûntwikkelingen of FPLG. Finansjele stipe foar restauraasje, mei pleatsen yn agrarysk gebrûk as foarrangskategory, nije bestimming en ûndersyk, ferrint fia programmaline twa.

Hiemen fan pleatsen mei harren faak karakteristike hiembeplanting binne ek foar bioferskaat en romtlike kwaliteit fan belang. Ynset wurdt op it stypjen fan it opknappen fan boerehiemen/hiembeplanting fia programmaline fjouwer.

## Gemeentlik erfgoedbelied stimulearje en Ynter Bestjoerlik Tafersjoch

Wy stimulearje gemeentlik erfgoedbelied troch de ynset fan it stipepunt Monumintesoarch, mei kennisdokuminten/kaarten, advisearring team Romtlike Kwaliteit, subsidiearring gemeentlike monuminten/ karakteristike gebouwen en de FAMKE (sjoch oare programmalinen). Dêrnjonken stjoere wy oan op mear gearwurking mei en tusken gemeenten. Dat bart fia periodyk oerlis mei gemeenten oer gearwurking en bewustwurding. Ek op grûn fan ús tafersjochtaken (Ynter Bestjoerlik Tafersjoch, IBT) en troch de troch ús stipe aktiviteiten fan it stipepunt Monumintesoarch, lykas Erfgoedkafees. By it stimulearjen fan gemeentlik erfgoedbelied freegje wy yn it bysûnder omtinken foar erfgoed dat op basis fan Grutsk op 'e Romte, FAMKE en de Kultuerhistoaryske Kaart, fan provinsjaal belang is. Dêrneist stimulearje wy gemeenten yn de reguliere kontakten en wurkproessen ek om belied fêst te stellen foar erfgoed fan lokaal belang dêr't hja ferantwurdlik foar binne, bygelyks oarlochsmonuminten.

Wy sille as provinsjes yn gearwurking mei gemeenten en it Ryk (stelselferantwurdlike) oangeande de wetlike taken de knyp punten by kapasiteit, kennis en kunde yn kaart bringe. Fia it Ryk binne foar ien kear beheind middels beskikber foar de stipe van gemeenten. Nei oanlieding fan de resultaten fan it yn kaart bringen wurdt sjoen hoe't de middels ynset wurde sille en hoe't wy yn it stelsel better gearwurkje kinne. Fierder wurdt der foar de kommende perioade yn gearwurking mei it Ryk ekstra kapasiteit foar it Ynterbestjoerlik Tafersjoch (IBT) ynset. Foar de kommende perioade krije provinsjes foar dy wetlike taak fia de maaiesirkulêre, middels foar IBT (by ús 0,8 fte). Fierder sil de Provinsje foar útfiering fan dy taken ûnder tafersjoch fan de Erfgoedynspeksje steld wurde. Yn de nije programmaperioade sille wy dy fernijde IBT-rol mei ús kollega's fan IBT, de erfgoedynspeksje en gemeenten fierder stal jaan. It sit dan benammen yn in oare wize fan wurkjen. Provinsjes hiene altyd al in wetlike IBT-taak. Yn praktyk waard dy beheind, en yn alle provinsjes oars útfierd. Dat omdat it Ryk dy taak earder sûnder middels en ramten oan de provinsjes oerdroegen hie.

## Aktiviteiten fan erfgoedinstellingen stimulearje

Erfgoedinstellingen hawwe mei harren aktiviteiten en ynset fan ferskate frijwilligers in wichtige rol yn behâld, ûntwikkeling, kennis en draachflak fan erfgoedwearden. De neikommende stichtings wurde struktureel mei in boekjersubsydzje stipe: Steunpunt Monumentenzorg, Monumentenwacht, Alde Fryske Tsjerken, Fryske Mole en Tsjerkepaad. Dêrnjonken wurdt de gearwurking fia it Platfoarm Fryske Monuminteorganisaasjes-platfoarm en it Monumintehûs finansjeel stipe. Yn it platfoarm sitte neist de neamde stichtingen de folgjende stichtingen: Beheer Kerkelijke Gebouwen Noord Nederland, Boerderijenstichting Fryslân, Staten en Stinzen, Waterschapserfgoed, Industrieel Erfgoed in Friesland, Erfgoedver. Heemschut, Interieurs in Fryslân, Noordelijke Lustwarande, Ver. Neo-Klassicistisch Wonen Friesland, Erfgoed&Publiek, Organum Frisicum, de Nederlandse Tuinenstichting en it Fries Erfgoed Collectief. De measte hjirfan meitsje gebrûk fan de fasiliteiten fan it Monumintehûs. Fia in struktureel mienskiplik wurkbudzjet binnen de boekjersubsydzje foar Steunpunt Monumentenzorg, kinne aktiviteiten fan de stichtings sûnder boekjersubsydzje stipe wurde.

## Gearwurking mei én tusken erfgoedinstellingen ynklusyf de gearwurking tusken boud en grien erfgoed stimulearje

Wy stjoere oan op gearwurking oer en wer tusken erfgoedinstellingen en frijwilligersorganisaasjes. Dat dogge wy troch de gearwurking yn it Platfoarm Fryske Monuminteorganisaasjes te stypjen (fia programmaline twa). Dêrnjonken stimulearje wy dat der ek mear gearwurking ûntstiet fan de monuminte-organisaasje mei de griene erfgoedorganisaasjes. Doel is dat aktiviteiten op inoar ôfstimd wurde en dat it as dat mooglik is, ta mienskiplike yntegrale erfgoedprojekten liedt.

## It stypjen fan UNESCO Wrâlderfgoed

Foar de stipe fan it Koninklijke Eise Eisinga Planetarium is mei it Ryk en de gemeente Waadhoeke in bestjoersoerienkomst om it Planetarium te stypjen ôfsletten. Yn de mearjierrebegrutting reservearje wy it bedrach dat dêrfoar nedich is (€ 97.000 yn 't jier yn 'e perioade 2025-2028) binnen de dêrfoar beskikbere erfgoedmiddels út it bestjoersakkoart. Foar de stipe fan de Kolonie van Weldadigheid (transnasionaal gebiet mei België en foar it Nederlânske part benammen lizzend yn de provinsje Drinte) leverje wy bestjoerlike en amtlike ynset. Ek drage wy finansjeel by foar it managementplan (€ 6.200 yn 't jier neffens bestjoerlike ôfspraken út budzjet Kultuerhistoarje). De stipe foar UNESCO Wrâlderfgoed is keppele oan de doelen foar rekreaasje en toerisme, omdat it in ympuls jout oan rekreaasje en toerisme yn 'e regio.

## Erfgoed benutte foar rekreaasje en toerisme

Wy keppelje erfgoed oan rekreaasje en toerisme wêrmei 't oan 'e iene kant in bydrage jûn wurdt oan behâld en draachflak foar erfgoed en tagelyk mearwearde bean wurdt oan it toeristysk rekreative produkt. Toeristen wurdearje erfgoed as sy yn Fryslân binne en eigen ynweners dogge dat ek by harren rekreative aktiviteiten yn 'e eigen omkriten. Dit slút oan op 'e beliedsnota 'Gastfrij Fryslân 2028' en it Utfieringsprogramma Gastvrij Fryslân 2024-2027 wêryn mei saneamde "slimme groei" ek it behâld en de ûntwikkeling fan kultureel erfgoed fersterket wurdt. Foarbylden fan de keppeling tusken erfgoed en rekreaasje en toerisme binne it stimulearje fan werbestimming fan erfgoedpânen nei ferbliuwsakkommodaasjes, it oansluten op publyksaksjes fan Merk Fryslân lykas de tsjerkenside www.friesland.nl/nl/kerken en besinningstoerisme, erfgoed binnen de digitale ynfastruktuer foar provinsjale toeristyske ynformaasje oangeande it deirekreative aanbod, stipe Tsjerkepaad en de publyksfunksje foar argeologyske stipepunten.

Finansjes <sup>1</sup>	2025	2026	2027	2028
Kultuerhistoarje – Erfgoed algemien	€ 207.000	€ 110.000	€ 110.000	€ 110.000
Ynstellingen Erfgoed	€ 991.200	€ 991.200	€ 991.200	€ 991.200
Wrâlderfgoed Planetarium	-	€ 97.000	€ 97.000	€ 97.000
Totaal	€ 1.198.200	€ 1.198.200	€ 1.198.200	€ 1.198.200

<sup>1</sup> Ut it budzjet kultuerhistoarje – Erfgoed algemien, rint ek finansiering fan programmaline 4: Kultuerlânskiplik en grien erfgoed

## Undersykje provinsjale rol maritym erfgoed

De provinsje Fryslân is in provinsje mei in soad wetter. Dat komt troch de natuerlike omstannichheden en troch minsklike aktiviteiten. Wat dit lêtste oanbelanget hat dat te krijen mei 'de striid tsjin it wetter' en oan 'e oare kant ek met it benutten fan it wetter. Fan kultureel erfgoed út wurdt dit aanjûn mei maritym erfgoed. Diken, slûzen, brêgen, gemalen, havens, pakhuzen, histoaryske werven, histoaryske skippen, spesifike musea en ambachten oangeande maritym erfgoed. It binne allegearre saken dy't ek yn ús provinsje te finen binne en dy't bydrage oan ús omjouwingskwaliteit. Neier ûndersyk fan de provinsjale rol oangeande maritym erfgoed is winsklik. In spesifyk part fan it maritime erfgoed is de ûnderwetterargeology lykas skipswrakken en falt ûnder programmaline 3.

# Programmiline 2 | Boud erfgoed

## Wat is der oan 'e hân?

- De provinsje hat wetlike taken foar advisearring oer ryksmonuminten.
- In part fan de ryksmonuminten hat in restauraasjeferlet. Ut de monumintemonitor fan de Steat fan Fryslân docht bliken dat 16% fan it kasko fan ryksmonuminten yn net al te bêste of minne steat is. Ek by gemeentlike monuminten en karakteristike gebouwen is sprake fan restauraasje-efterstân.
- Mei it Ryk hawwe provinsjes in bestjoersôfspraak, wêrby't de provinsjes restauraasjes subsidiearje en de desintralisearre ryksbydrage safolle mooglik matche mei eigen middels.
- In soad erfgoed komt leech te stean troch ûntwikkelingen as skaalfergrutting, demografy (ûntgriening/ fergrizing) en sekularisaasje. Benammen de leechstân yn de karakteristike tsjerken en pleatsen freget omtinken.
- Enerzjy en monuminten ferduorsumje is aktueel en kostefêrheegjend foar eigeners. Ferduorsuming is nedich om monuminten yn de takomst oantreklik te hâlden.
- Der is krapte oan goede fakminsken en de prizen binne gâns omheech gien, dat set restauraasjes ûnder druk.
- Yn 2023 en 2024 waard it subsydzjeplafond fan de subsydzjeregeling monuminten net berikt.
- Der ûntstiet wurdearring foar Post 65-arsjitektuer. Dêr is in publykskampanje en ynventarisasjeprogramma foar úteinset.
- Likernôch 50 mûnen hawwe te krijen mei in earnstich probleem mei de moleroede.

## Wat wolle wy berikke?

- Behâld en ûntwikkeling fan monumintale wearden.
- Monumintale wearden wurde respektarre by wizigings fan ryksmonuminten.
- De steat fan monuminten is ferbettere, wêrby't 75 ryksmonuminten en 12 karakteristike gebouwen restaurearre binne en 40 ryksmonumintale mûnen mearjierrich ûnderhâld krige hawwe.
- Frijkommende monuminten lykas tsjerken en pleatsen hawwe in nije bestimming krige.
- Restaurasjes hawwe in goede restauraasjekwaliteit en der wurde learlingen ynset foar it restauraasje-ambacht.
- Eigeners hawwe stipe krige by it ferduorsumjen fan monuminten.

## Wat sille wy dwaan?

- Advisearring ryksmonuminten.
- Subsydzjeregeling monuminten (Sumo) útfiere
- Monumintemonitor byhâlde.
- Gebrûk en finansjele folling Kulturfûns foar Monuminten Fryslân stimulearje.
- Restaurasjekwaliteit, ynset learlingen en ferduorsuming monuminten stimulearje.
- Nije bestimming erfgoed stimulearje.
- Post 65-programma.

## Wat kostet it? (yn 't jier)

€ 2.919.800

## Taljochting op: wat sille wy dwaan?

### Advisearring ryksmonuminten

De provinsje hat op basis fan de Erfgoedwet en de Omgevingswet in wetlike advysmooglikheid foar fergunningsoanfragen foar ryksmonuminten bûten de beboude kom en it oanwizen of ôffieren fan beskerme doarps- en stedsgesichten. Der wurdt gebrûk makke fan it folsleine foech omdat de advisearring oer ryksmonuminten de finansjele stipe (sjoch it punt hjirnei) mar ek de provinsjale advisearring oer romtlike plannen fuortsterket (programmiline ien: algemien).

### Subsydzjeregeling monuminten (Sumo) útfiere en monumintemonitor byhâlde

Mei de Sumo wurdt restauraasje, in nije bestimming, ûnderhâld en bouhystoarysk ûndersyk fan boude en griene monuminten stimulearre. Dat is in desintralisearre wetlike taak op basis fan in bestjoersoerienkomst Ryk-IPO. De útgongspunten binne de neikommende:

- De stipe foar ryksmonuminten. Subsydzje is mooglik foar it hiele monumint, mar ek foar dielrestauraasjes en lytse kwetsbere monuminten lykas klokkestuollen. Yn ferbân mei de hegere prizen wurdt it maksimale bedrach ferhege nei € 250.000. It subsydzjepersintaazje is yn syn algemienens 50% fan de subsidiabele restauraasjekosten. As it nedich is foar it stimulearjen fan restauraasje fan guon monumintekategoryen is it mooglik om yn it subsydzjepersintaazje differinsjaasje oan te bringen. Dat wurdt alle jierren foar de iepenstelling besjoen.
- Stribje nei ferienfâldiging binnen de ramten fan de rjochtmjittichheid, de ôfspraken mei it Ryk en de boarging fan restauraasjekwaliteit. Under oare kin der digitaal yntsjinne wurde.
- Nije bestimming wurdt stimulearre troch in heger subsydzjepersintaazje van de restauraasjekosten fan 65%.
- In part fan it budzjet wurdt foar gemeentlike monuminten ynset. As der sprake is fan in nije bestimming, is der ek subsydzje mooglik foar (yn it bestimmingsplan oanwiisde) karakteristike gebouwen mei sloopbeskerming. Dêr wurdt foar keazen om sa gemeentlik erfgoedbelied te stimulearjen, yn stee fan it oanwizen fan provinsjale monuminten en dy te subsidiearjen. Mei it each op de ferantwurdlikheid fan gemeenten sels is de stipe leger as by ryksmonuminten.
- Wenhûsmonuminten en monuminten yn eigendom fan de oerheid wurde net stipe. Der is foar wenten wol in wenhûssubsydzje by it Ryk of in liening fia it Nationaal Restauratiefonds (NRF).
- Underhâld wurdt net subsidiearre (rykstaak). In útsûndering jildt foar mûnen omdat it fanwegen de aard fan it monumint foar eigeners dreech is om it eigen oandiel te beteljen.
- Fanwegen it probleem mei moleroeden wurdt rekken hâlden mei ekstra mûnerestauraasjes.

- Ynsidinteele kin keazen wurde foar in préprioriteit foar in monumint mei in bysûnder provinsjale belang.
- In foarrangsregeling foar Professionele Organisaasjes voor Monumentenbehoud (POM) dy't ek as provinsjale boekjersubsydzje-ynstelling oanwiisd binne, mei in maksimum fan € 150.000 yn 't jier de ynstelling.
- Spesjaal omtinken foar pleatsen. Benammen dy't yn agrarysk gebrûk binne, fanwegen in relatyf grutte restauraasje-efterstân. Oanfragen foar dakken fan pleatsen kinne as leechdrompelige dielrestauraasje binnen de Sumo yntsjinne wurde. Der komt net mear in aparte regeling foar dakken fan pleatsen fanwegen mindere finansjele middels foar erfgoed en de winske bondeling fan regelingen foar minder útfieringskosten.
- Yn de Subsydzjeregeling monuminten kinne allinne restauraasjeplannen yntsjinne wurde foar monuminten dy't yn minne of net al te bêste steat binne op basis fan in ynspeksjerapport.
- It opnimmen fan betingsten oer it iepenbier tagonklik wêzen fan it monumint op in tal mominten yn it jier.

Yn gearwurking mei de Monumentenwacht wurde de Monumintemonitor byhâlden. Dêrtroch is der kwantitative beliedsynformaasje oer de ûnderhâldstastân, restauraasje-opjefte en leechstân ûnder boude en griene ryksmonuminten beskikber (gjinn wenten).

### Gebrûk en finansjele folling Kulturfûns foar Monuminten Fryslân stimulearje

Troch dit fûns wurde lienings mei in lege rinte beskikber steld foar de restauraasje, nije bestimming foar en ferduorsuming fan karakteristike bouwurken (net-ryksmonuminten). Troch de lienings is it in revolwearjend (middels komme werom troch ôflossing en rinte) fûns. It fûns is fan Het Cultuurfonds en wurdt troch it Nationaal Restauratie Fonds beheard en is spesifyk foar Fryslân bestimd.

Op it stuit is it fûns fierhinne leech, mar der is grutte fraach en der wachtsje ferskate oanfragen op honorearring. Yn it omjouwingsprogramma is opnommen om yn dizze perioade € 1 miljoen (yn trochsneed 2,5 ton jiers) oan it Kulturfûns foar Monuminten Fryslân ta te foegjen. Dat om't:

- Dêrmei ynfolling jûn wurdt oan it beliedsdoel foar it stypjen fan gemeentlike monuminten en karakteristike gebouwen yn stee fan it oanwizen fan eigen provinsjale monuminten;
- It Nationaal Restauratie Fonds it bedrach dat wy stoarte, mei 3-5 ton kofinansierje wol (jild mei jild meitsje).
- Oare private fûnsen/donateurs, earder ree binne om te donearjen as de provinsje dat ek docht, sadat it in mear publyk/privaat fûns wurdt.

## Restauraasjekwaliteit, ynset learlingen en ferduorsuming monuminten stimulearje

Aktiviteiten foar restauraasjekwaliteit en de ynset fan learlingen wurde op ynterprovinsjale skaal stipe. It Restauratie Opleidingsprojekt rjochtet him op it oplieden fan jongerein foar it restauraasje-ambacht. De Stichting Certificering Restauratie stimulearret de restauraasjekwaliteit fan restauraasjebedriuwen troch sertifisearring. Ferduorsuming is wichtich foar de takomstwearde en eksploitaasje fan in monumint. Omdat monuminten in spesifike kategory yn de ferduorsumingsopjefte foarmje, freget dat om spesifyk omtinken. Wy wolle gearwurkje mei gemeenten en monuminteynstellingen, om monuminte-eigeners te stypjen en te advisearjen. Fia NRF, Kulturfûns foar Monuminten Fryslân en oare maatregels is der finansjele stipe foar útfiering mooglik. Ek fia provinsjale programma's foar ferduorsuming, lykas Klimop/Dumava, kin ferduorsuming stimulearre wurde. Dêrnjonken wurdt de Monumentenwacht fia de boekjiersubsydzje yn de gelegenheid steld om tsjin in redusearre tarief duorsumens yn de subsidiearre ynspeksje fan monuminten op te nimmen.

## Nije bestimming stimulearje

Foar it behâld fan monuminten is in oanhâldend gebrûk essinsjeel. Mei it each op de aard fan de monuminten is dat dreger as by net-monumintaal fêstgoed. Spesjaal omtinken fertsjinje tsjerken en pleatsen. Dat mei it each op it provinsjale belang fan dy kategoryen en de ferwachting dat troch ûntwikkelingen by tsjerken en yn 'e lânbou der histoaryske tsjerken en pleatsen komme, dy't harren oarspronklike funksje ferlieze. Mar njonken dy spearpunten wurde ek nije bestimmings fan oare kategoryen lykas staten en bûtenpleatsen, âlde suvelfabriken of oar yndustrieel erfgoed, skoallen of doarpskafes stipe. De neikommende aktiviteiten wurde dien:

- Finansjele stipe fan konkrete nije bestimmings ferrint fia de Sumo en it Kulturfûns foar Monuminten Fryslân (sjoch Subsydzjeregeling monuminten útfiere (Sumo)).
- Finansjele stipe fan it Kenniscentrum Herbestemming Noord (KHN). It KHN stimulearret bewustwurding en planfoarming, keppelet fraach en oanbod fia in meldpunt en advisearret direkt yn yndividuele gefallen. It is in gearwurkingsferbân van de stipepunten monumintesoarch Fryslân en Drinte en de Stichting DBF.
- De provinsje sil stypje en stimulearje by it finen fan in passende bestimming foar tsjerken. Mei op grûn fan fan de bestjoersôfspraken foar de Nasjonale tsjerke-oanpak wurdt in tal aktiviteiten ûndernommen. De stipe fan it Platform en Coördinatiepunt Fryske Tsjerken wurdt fuortset. Yn it platfoarm wurde aktualiteiten, probleemsituasjes en goede foarbylden útwiksele tusken de wichtichste ynstellingen dy't mei tsjerkegebouwen te krijen hawwe. It koördinaasjepunt advisearret direkt tsjerke-eigeners by nije en njonkenbestimmingsfragen en stimulearret gemeenten ta it ûntwikkeljen fan tsjerkefisy. In tsjerkefisy is in op

ynventarisasje en dialooch basearre fisy oer it takomstige gebrûk fan tsjerkegebouwen yn in gemeente.

Undersocht wurde sil hoe't de besteande database Fryske Tsjerken ûnder oare op basis fan gemeentlike tsjerkefisy fierder útwurke wurde kin om sicht op 'e problematyk hâlde te kinnen; as de besteande ynfrastuktuer foar behâld en werbestimming fersterket wurde kin en as mei de belutsen partijen in helberensûndersyk dien wurde kin nei in 'Frysk Fûns Religieus Erfgoed'. In provinsjale rol sil ynfolle wurde moatte binnen de besteande middels.

- Mei it each op de grutte wenopjefte lizze der moaie kânsen foar in nije bestimming fan erfgoed yn stee fan it kiezen foar nijbou en útwreidingswiken.
- It stimulearjen fan in nije bestimming fan frijkommende pleatsen ferrint fia it Wurkplan Takomst Fryske Pleats (sjoch programmaline 1).

## Post 65-programma

Der ûntstiet wurdearring foar Post 65-arsjitektuer. Der is in publykskampanje en seleksjeprogramma úteinset foar oanwizing ta monumint. De útkomsten wurde ferwurke op de kultuerhistoaryske kaart en yn de subsydzjeregeling monuminten.



Restauraasjeachterstân en leechstân stienfabryk Eastrum

Finansjes	2025	2026	2027	2028
DU Subsydzjeregeling monuminten	€ 1.627.700	€ 1.627.700	€ 1.627.700	€ 1.627.700
Matching Subsydzjeregeling monuminten	€ 992.200	€ 992.200	€ 992.200	€ 992.200
Kultuerhistoarje - boud	€ 49.900	€ 49.900	€ 49.900	€ 49.900
Kulturfûns foar monuminten Fryslân	€ 1.000.000			
<b>Totaal (yn trochsneed € 2.912.800 yn 't jier)</b>	<b>€ 3.662.800</b>	<b>€ 2.662.900</b>	<b>€ 2.662.900</b>	<b>€ 2.662.900</b>

# Programmiline 3 | Argeologysk erfgoed

## Wat is der oan 'e hân?

- Op grûn fan Europeeske ôfspraken, nasjonale wetjouwing en autonoom provinsjaal belied wurkje de mienskiplike oerheden oan it optimaal behâld fan it argeologysk boaiemargyf.
- Argeologyske wearden kinne oantaast wurde troch romtlik yngripen of autonome prosessen.
- By plande yngrepen yn 'e grûn moat argeologysk ûndersyk dien wurde om fêststelle te kinnen oft de oanwêzige wearden yn 'e grûn behâlden wurde kinne of opgroeven wurde moatte.
- Foar in effisjint argeologysk belied is in goede en aktuele foarljochting essinsjeel. De FAMKE ferfollet dêr in wichtige rol by (Fryske Archeologyske Monumenten Kaart Extra)
- Foar it draachflak fan en kennis oer it argeologysk belied binne publyksberik en publykspartisaasje wichtich.

## Wat wolle wy berikke?

- Argeologyske wearden behâlde en sichtber meitsje.
- Kwetsbere argeologyske wearden binne beskermme mei it safolle mooglik foarkommen fan ûnnedich ûndersyk.
- Kânsen foar it beheljen fan argeologyske wearden by nije ûntwikkelingen binne benut.
- Draachflak foar de beskerming fan argeologyske wearden is troch publyksaktiviteiten fergrutte.

## Wat sille wy dwaan?

- De FAMKE yn 'e mande mei gemeenten (gemeentlike ferdjippingsslaggen) en op tema's yn 'e mande mei kennisinstellingen (tematyske ferdjippingsslaggen) trochûntwikkelje en ferbetterje. Tema's binne ûnder oare terpen, histoaryske buorkerijplakken, it oergongsgebiet tusken klaai en fean en goed bewarre stientiidlânskippen.
- FAMKE yn eigen plannen en projekten trochwurkje.
- Terpeprojekt útfiere.
- Noardlik Argeologysk Depot Nuis (mei publyksfunksje) yn stân hâlde.
- Advisearring Erfgoedwet oer it oanwizen fan argeologyske monuminten.
- De argeologyske stipepunten en oare publyksaktiviteiten stypje.
- Ferwurking argeologyske fynstmeldingen.

## Wat kostet it? (yn 't jier)

€ 382.300

## Taljochting op: wat sille wy dwaan?

### Trochûntwikkeling FAMKE yn 'e mande mei gemeenten en op tema's

Foar in effisjint argeologysk belied is goede en aktuele foarljochting essinsjeel. De FAMKE jout spesifike argeologyske ynformaasje en wurdt brûkt by de wetlike ferplichtings foar argeologysk ûndersyk. Yn de kommende beliedsperioade wurde de foarm en de posysje fan de FAMKE fierder op de Omgevingswet ôfstimd. Dy trochûntwikkeling sil ûnder oare bepaald wurde troch en slacht op de neikommende aspekten:

- de needsaak ta ynhâldlike ûnderbouwing is wichtiger wurden: oan de FAMKE sil in boarnekaart as nije ûnderlaach tafoege wurde
- der leit mear klam op gemeentlike ferantwurdlikheid: de beliedskaart is in gearstal fan gemeentlike beliedskaarten
- de provinsje stjoert op provinsjaal belang
- mei gemeenten wurdt de FAMKE trochûntwikkele en aktualisearre op basis fan argeologysk ûndersyk (gemeentlike ferdjippingsslaggen). Dêrfoar wurde gearwurkingsoerienkomsten ôfsletten
- dêrnjonken wurdt de FAMKE foar spesifike argeologyske tema's oanpast (tematyske ferdjippingsslaggen), ûnder oare yn gearwurking mei akademyske kennisinstellingen as de Fryske Akademy en de RuG. Yn de kommende jierren giet it om terpen, histoaryske buorkerijplakken, it oergongsgebiet tusken klaai en fean en goed bewarre stientiidlânskippen.

Op it stuit wurkje wy folop oan de tarieding fan dy trochûntwikkeling. De ynbring fan de belanghawwenden wurdt dêryn meinommen. Yn de kommende beliedsperioade sil de trochûntwikkeling yn stappen fierder útwurke wurde.

Publyksberik en it fergrutsjen fan draachflak wurdt dêroan keppele troch partisipaasje fan amateurargeologen en oare frijwilligers by ûndersyk en it organisearjen fan iepen dagen by opgravings. In aktuele FAMKE befoarderet in goede útfiering fan de wet, leveret service oan de boarger en foarkomt ûnnedich ûndersyk. Ek wurdt it Ferhaal fan Fryslân op tema's ferrike en trochferteld.

### Trochwurking FAMKE yn eigen plannen en projekten

Yn eigen provinsjale plannen of projekten lykas ynfraprojekten wurdt op basis fan de FAMKE by in fersteuring advisearre oer ûndersyk, argeologyske begelieding of opgraving. Fierder kriget publyksberik omtinken. Dêrnjonken spylje argeologyske wearden in rol by oare provinsjale opjeften, lykas gebiertsûntwikkeling. Dat jildt bygelyks foar it feangreidegebiet, dêr't in soad, faak ûnbekende, argeologyske wearden oanwêzich binne.

### Terpeprojekt Fryslân útfiere

It Terpeprojekt rjochtet him op it behâld fan net-beboude terpen en histoaryske buorkerijplakken yn 'e bouhoeke dy't troch ploegjen en ferdrûging stadichoan skea oprinne. Troch oankeap of it ôfsluten fan in Kwalitatieve Verplichting is it mooglik duorsum behear te realisearjen. Frijwillich meidwaan oan it projekt troch treden is it útgongspunt. It budzjet wurdt troch it Nacionaal Restauratiefonds (NRF) beheard.

### Noardlik Argeologysk Depot yn stân hâlde (NAD)

Dit is in wetlike taak foar it hoedjen en noedjen fan in depot foar argeologyske fynsten. It NAD yn Nuis wurdt yn 'e mande mei de provinsjes Grinslân en Drinte op grûn fan in bestjoersoerienkomst beheard. Njonken de beheartaak is de útfiering fan de publyksfunksje wichtich. Yn de kommende jierren ûndersykje wy yn oparbeidzjen mei de provinsjes Grinslân en Drinte hoe't wy it depot ferduorsumje kinne. Ek ûndersykje wy hoe't wy fia in optimalisearring fan de klimaatbehearsking yn de loadsen, skealike skimmelfoarming tefoaren komme kinne.

### Advisearring Erfgoedwet

De advisearring yn it ramt fan de Erfgoedwet rjochtet him op it oanwizen fan argeologyske monuminten.





Archeologysk stylkanteundersyk by de terp fan Furdgum

### Argeologyske stipepunten

De argeologyske stipepunten ferfolje in wichtige foarljochtsjende en toeristysk-rekreative rol. It netwurk bestiet út alve argeologyske stipepunten mei allegear in eigen tema. Lokale fynsten wurde dêr útstald en taljochte. Om't it inisjatyf driuwt op de ynset fan frijwilligers en amateurarcheologen is strukturele stipe nedich.

### Ferwurking argeologyske fynstmeldingen

De ferwurking fan argeologyske fynstmeldingen rjochtet him op it oannimmen en ferwurkjen (ynkl. it melden yn Archis) fan argeologyske fynstmeldingen, dien troch partikulieren. It NAD yn Nuis hat de funksje fan loket.

Finânsjes	2025	2026	2027	2028
Argeologysk depot	€ 175.500	€ 175.500	€ 175.500	€ 175.500
Gearwurking argeology FAMKE	€ 177.300	€ 177.300	€ 177.300	€ 177.300
Argeologyske stipepunten	€ 29.500	€ 29.500	€ 29.500	€ 29.500
<b>Totaal</b>	<b>€ 382.300</b>	<b>€ 382.300</b>	<b>€ 382.300</b>	<b>€ 382.300</b>



Ynformaasjesintrum en archeologysk stipepunt Terp Hegebeintum

**“Omdat de archeologyske stipepunten driuwe op de ynset fan frijwilligers en amateurarcheologen is strukturele stipe nedich.”**

# Programmiline 4 | Kultuerlânskiplik en grien erfgoed

## Wat is der oan 'e hân?

- Kultuerlânskiplik erfgoed, lykas âlde dyktrasees, ferkavelingspatroanen, âlde buorkerijplakken en boerehiemen, stateterreinen, bûtenpleatsen, leanen, houtwâlen en houtsingels binne kwetsber en steane ûnder druk fan skaalfergrutting en romtlike ûntwikkelingen.
- In hieltyd grutter part fan it griene erfgoed lykas monumintale bûtenpleatsen, tsjerkhôven of hiembeplanting, berikt de ein fan de libbensdoer en is oan griene restauraasje ta.
- It griene erfgoed stiet foar in grutte transysje-opjefte as gefolch fan 'e klimaatferoarings.

## Wat wolle wy berikke?

- Kennis fan kultuerlânskiplike wearden en grien erfgoed is bekend en ûntsletten.
- Kultuerlânskiplike wearden wurde behâlden, opknapt en ûntwikkele.
- Kultuerlânskiplike wearden wurkje troch yn oare griene programma's en regelingen.
- It yn stân hâlden fan grien erfgoed wurdt boarge en finansjeel stimulearre.

## Wat sille wy dwaan?

- Wearden fan kultuerlânskip en grien erfgoed yn romtlike plannen boargje yn gearhing mei Programma Lânskip
- Kultuerlânskip en grien erfgoed keppelje oan oare opjeften, programma's, regelingen en gebietsûntwikkelingen.
